| | |
|---|---|
| die ’t rea en wyt bloeiden hjir en der, pronken nog moaijer as de hagen. Sims, kamen d’r de greate weinen mei hynders der foar. Dêr waarde det hout op laden! En den gie het foart. De manlju laken altijd fleurig en praten út en troch, mei de bern. Sims wier ’t dei yn en dei út, sinnenskyn waer. En wie ’t near, tusken de beamen en hagen… Dan wie Anke bliid dat hja wer op ’e dyk wierne en hij wer tichter by hûs kaem. Dêr stie har âlderhûs sa fredig, en mei de mei wyt sa’n bestruide paadjes, mei de roazebeam, op ’e hoeke fan ’t hûs. De wite bank foar de glêzen. Mem siet bûten! Hja breidde. “It giet sa fluch!” Do moast aanst ek mar efkes hwet toerkes breidzje,” sei mem.<br>Anke seach prot… “Mem lake! “Krigest ek hwet moais fan mij,” sei se. Mar Anke wol folle leaver balje, as steltrinne. Dat diene de jonges. En mem hie hja het steltrinnen sels leard. Wylst breide mem mar troch! En Anke siet mei ’n prûl gesichtsje nei de roazen to sjen. Hja siet es hwet foar har út to sjen en sei doe. “Ferteld mem, as ek breidzje?” “Wer oer moat het gean?” sei mem. Anke sei: “oer mem es mem, as oer dit frjemde lân, wer ’t oarloch wie, mem wit wol! Dêr haw ’k dy al sa faek oer ferteld,” sei mem. “Dit is ald nijs hast. No, wy sjogge ’t aanst wol!” Mem helle thé en hwet lekkers. Sa sieten hja dêr smukjes op ’e bank, wylst de jonges ek yn oantocht wiene. Doe wie ’t út, mei de frede. Allegear rattelen hja tagelyk tsjin mem harren neiskes út. Sims hâlde mem de hannen foar de earen! “Wy gean yn ’e hûs,” sei hja. Ek de jonges foarsoach hja fan drinken en hwet lekkers. Dêr wie harmonika lûd, by de doar. De bern koene dat lud. ’t Wie Paulus jakje. Mem nei de doar. Paulus spile. De bern lústeren ek al mar ’t wie net sa suver hearden hja wol! Dat wie ek altiid al sa west, sa lang as hja Paulus spyljen heard hiene. Hy sei: “frou mei ’k efkes op jimme bank sitte?” “En hwat hawwe jo ta gelok ek yn fietspomp? Soe ’k die wol efkes brûke meije? Myn bân is hast leech.” | *Weer thuis in Friesland. Voor Anke voelt het ouderlijk huis als een veilige haven, vol rust, warmte en gewone dagelijkse dingen zoals breien, spelen en thee drinken met mem. Tegelijk klinkt op de achtergrond nog steeds de dreiging van oorlog en onzekerheid door, waardoor deze herinneringen extra dierbaar lijken.* |

die 't rea en wyt bloeiden, hjir en dêr, pronken noch
moaijer as de hagen. Sims, kamen dêr de greate weinen
mei hynders dêr foar! Dêr waerde dêt hout, op laden!
En den gie het foart. De manlue, laken altyd fleurig
en praten ût 'en troch, mei de bêrn
Sims wier 't dei yn en dei ût, sinneskyn waer. en wie 't
near, twisken de beamen en hagen.. Den wie Anke blûd
det hja wer op 'e dyk wierne en hja wer tichte
by hûs kaem. Dêr stie har âlderhûs so fredig en mei
de mei wyt sân bestruide paedtsjes, mei de roaze beam, op
'e hoeke fen 't hûs. De wite bank foar de glêzen.
Mem siet bûten! Hja breidde. 't Gie sa fluch! Do
moast aenst ek mar efkes hwet toarkes breidsje: sei mem
Anke seach prot... Mem bake! Krigest ek hwet moays fen
my," sei se. Mar Anke woe folle leaver bâltje,
As steltrinne. Det diene de jonges en mem hie hja het
steltrinnen sels leart. Wylst breide mem, mar troch!
En Anke, siet mei 'n prût gesichtsje mei de roazen to sjen.
Hja siet es hwet foar har ût to sjen en sei doe. Forteld mem, lês ek
breidsje? „Wer oer, moat het gean?" sei mem. Anke sei: „oer mem
es mem, as oer dêt frjemde lân, wer 't oarlog wie, mem wit wol!
Dêr haw 'k, dy al sa faek oer forteld, sei mem. Dêt is ald nijs
hast. No, wy sjogge 't aenst wol! Mem helle thé en hwet lekkers
sa sieten hja dêr smûkjes op 'e bank, wylst de jonges ek yn
oantocht wierne. Doe wie 't ût, mei de frede. Allegear rattelen
hja tagelyk, tsjin mem, harren neiskes ût. Sims hâlde mem
de hânnen, foar de earen. „Wy gean yn 'e hûs" sei hja
Ek de jonges foarseach hja fen drinken en hwet lekkers. Dêr
wie harmonika lûd, by de doar. De bêrn koene dêt lûd.
't Wie Paulus jakje. Mem, nei de doar. Paulus spile. De bern, lûsteren ek al, mar 't wie net sa sûver hearden hja wol! Dêt wie
ek altyd al sa west, sa lang as hja Paulus spyljen heart hiene
Hy sei: „frou mei 'k efkes op jimme bank sitte?
En hawwe jo, ta gelok ek 'n fietspomp? Scoe 'k die wol efkes
brûke meije? Myn bân, is hast leeg.